

PARSEBERJOCHT

23 maart 2016

Groei harksifers Omrop Fryslân set troch yn 2016

Hieltyd mear minsken harkje nei Omrop Fryslân Radio. De harksifers fan de Omrop sitte sûnt july 2015 yn de lift. De opgeande line hâldt ek yn de earste moannen fan 2016 oan. Dat docht bliken út de nijste mjittingen. Omrop Fryslân bliuwt fierwei merklieder yn Fryslân.

Yn de lêste mjitting fan de harksifers, oer jannewaris en febrewaris, is de posysje fan Omrop Fryslân op 'e nij sterker wurden. De harksifers sitte yn de lift sûnt Omrop Fryslân ferline jier in nije radioprogrammearring trochfierde. Yn de twadde helte fan foarich jier giene de harksifers hieltyd fierder omheech. Dy groei set ek yn 2016 troch, sa docht bliken út mjittingen oer jannewaris en febrewaris. Omrop Fryslân is mei ôfstân merklieder yn Fryslân.

Haadredakteur Klaas Geert Bakker: "Wy wolle mei ús programmearring in brede doelgroep berikke. Dat de fernijing fan de programmearring wurdearre wurdt troch de harkers sjochst werom yn de sifers. Wy hoopje ek de kommende moannen de opgeande line fêst te hâlden mei moaie programma's en útstjoeringen oer eveneminten lykas de Fytsalvestêdetocht, de Loftmachtdagen en De Slachte."

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje: 058 299 7876.

PERSBERICHT

23 maart 2016

Groei luistercijfers Omrop Fryslân zet door in 2016

Steeds meer mensen luisteren naar Omrop Fryslân Radio. De luistercijfers van de Omrop zitten sinds juli 2015 in de lift. De stijgende lijn houdt ook in de eerste maanden van 2016 aan. Dat blijkt uit de nieuwste metingen. Omrop Fryslân blijft veruit marktleider in Fryslân.

In de laatste meting van de luistercijfers, over januari en februari, is de positie van Omrop Fryslân opnieuw sterker geworden. De luistercijfers zitten in de lift sinds Omrop Fryslân vorig jaar een nieuwe radioprogrammering doorvoerde. In de tweede helft van vorig jaar groeiden de luistercijfers steeds verder. Die groei zet ook in 2016 door, zo blijkt uit metingen over januari en februari. Omrop Fryslân is met afstand marktleider in Fryslân.

Hoofdredacteur Klaas Geert Bakker: "Wij willen met onze programmering een brede doelgroep bereiken. Dat de vernieuwing van de programmering wordt gewaardeerd door de luisteraars zie je terug in de cijfers. Wij hopen ook de komende maanden de stijgende lijn vast te houden met mooie programma's en uitzendingen over evenementen zoals de Fietselfstedentocht, de Luchtmachtdagen en De Slachte."

Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie: 058 299 7876.